

Nominaasjes en winners Gouden Gurbe 2016: tekst van de sjueryleden

EKSTRA PRIIS

Foar de ekstra priis, dy't de sjuery sels infolle mei, hoechden wy dit jier net lang nei te tinken. **Wy waarden op it idee brocht yn Snakkerbuorren. Dêr helle de organisaasje fan it iepenloftspul alle jounen, nei it slot fan Don Juan, ien fan de talleaze frijwilligers op it toniel.**

Mei in tankwurd en in bosk blommen waard sa hulde brocht oan de noeste wurkers efter de skermen, dy't noait foar it fuotljocht komme. Mar sûnder wa de enorme operaasje fan in iepenloftspul net iens fan de grûn komme soe. Wy hawwe, mei tank oan Snakkerbuorren, dit sympatiese idee stellen.

En dêrom noegje wy hjoed graach in frijwilliger hjir op it podium. Hy stiet symboal foar de hûnderten manlju en froulju dy't timmerje, kofje skenke, slepe en sjouwe, kostuums naaie, kaartsjes kontrolearje, it ferkear regelje, neam alles mar op.

De winner fan de ekstra Gouden Gurbe wie alle kearen fan de partij. In bestjoerslid fan syn spul fertelde dat er nea tefergeefs in berop op him dien hat. De winner praat net folle, mar docht des te mear.

Foar alle frijwilligers, by de fiiftsjin spullen dizze simmer yn Fryslân, freegje wy in meiwurker fan ien fan dy spullen nei foaren te kommen. Hy wit it sels noch net, hy is hjir mei in smoeske hinne lukt. Graach een grut applaus foar al jimme stille helpers, yn de persoan fan Piet Poutsma út Metselwier.

BESTE FOARMJOUWING

Foar de Gouden Gurbe foar de bêste foarmjouwing hawwe wy leafst fiif nominaasjes. It binne de folgjende.

Wig Producties Oentsjerk: De bodemloze put

Yn in natuurgebiet by Oentsjerk, fier fan de bewenne wrâld, leit yn it bosk in ûndjippe poel. Hjir spile him it filofyske spul ôf, mei prachtige sfearffekten fan ljocht en reek yn it bosk efter it toaniel. Ien fan de spilers ferdwûn yn dûkerspak kear op kear folslein ûnder wetter, dat normaal amper in heale meter djip is. In technysk heechstândsje.

Masquerade Kollumerzwaag: Yn tiid werom

It toniel waard foarme troch in grut iepenwurke skip fan trije etaazjes, grotfol lytse, soarchfoldich útwurke details. It like te driuwen, mar wie op steigers boud yn de Kollumersweagsterfeart. In bealch fol wurk, mar prachtich moai útfierd.

BUOG Burgum: Dwerskop

Op de nije sneldyk de Sintrale As, ûnder it akwadukt by Burgum, spile him ien grut spektakel ôf.

Frjemde personaazjes, karikaturale kostuums, it like in soarte fan Wizard of Oz. Mei in grutte fanfare, abseilers, eksploozjes, in grutte helikopter oan de boukraan, lekkerij yn it akwadukt, it hâlde net op. Skitterend lokaasjeteater.

Wergea: De Suvering

Allinnich al de ûntfangst fan it publyk mocht der wêze. In prachtige loads fan golfplaten, spesjaal foar dit stik timmere en delsetten, paste hielendal yn de sfear. Ek de brûkte technyk wie top, mei it ljocht, it lûd en de 'special effects' fan brân, kampfjoer, damp oer it wetter ensafuorthinne. It makket it stik hielendal kompleet.

Easterwierrum: De geast fan Spultselittens

It Berne Iepenloftspul fan Easterwierrum pakte yn de foarmjouwing benammen út mei de kostuums fan Wolly Prins. Sy betocht in soad grappige details, en makke gebrûk fan ûnferwachte materialen: tafelkleden, de binnenbân fan in fyts, jerrycans as bouhelmen. Hiel ferrassend en sear kreatyf dien. En de Gouden Gurbe giet nei Dwerskop fan BUOG Burgum.

BESTE BYROL

Ek foar de bêste byrol hie de sjuery rom kar. It roun út op seis nominaasjes.

Oudemirdum: Reboelje yn Gaasterlân

Sfearfol en yntiem wie de lokaasje yn Aldemardum. Hjir foel yn it ferhaal oer de streek benammen Henk Landsheer op. Hy spile yn twa rollen: as de barkeeper en as de lit ik sizze lamboyante fûgel yn it knappe poppenspul. Hy liet mei de hânpop it karakter fan de fûgel ta libben komme. Landsheer wie as akteur sterk en entûsjast.

Iepenloftspul Snakkerbuorren: Don Juan

In bysûndere byrol waard yn Snakkerbuorren delsetten troch Piter Zwart. Hy wie de bodyguard fan Don Juan, en sette sterk en subtyl akteerwurk op de planken. Ek syn stil spul, oan de râne fan it podium, wie hieltyden geweldich. It dilemma wêr it personage fan de bodyguard mei wraksele, wie fjelber by it publyk.

Iepenloft Opsterlân Hemrik: Lang en lokkich

Yn it kolderieke Lang en lokkich foel Tryntsje Veenstra in har rol fan Readkapke yn it bysûnder op. Hiel har liif die mei, en se wie net út har rol te slaan, mei dat soere – ‘it mei net fan mem’ – tronie: in superpuber. Foartreffelijk spyle, in grut genot om nei te sjen.

En noch in twadde nominaasje by Lang en Lokkich:

Gerda Geerts sette in prachtige wolf del. Skitterend oankleid en grimeard, fytste sy letterlik en figuerlik troch it spul. Sy hat mei grutte passy spyle en har type hearlik oerdreaun delset.

Wig Producties Oentsjerk: De bodemloze put

As knecht Dicky fan de sjeesde sirkusdirekteur waard in knappe rol delsetten troch Colin Vosveld. Libben en soepel yn tekst en beweging. It liket sa maklik, mar dat is it perfoarst net. En fral mimysk geweldich knap. In mear as fertsjinstlik spylde.

Jorwert: Londen 1968

Spesjale wurdearring yn dizze kategory gong yn Jorwert út nei Lodewijk Riedhorst. Hy spile trije rollen, as tsienjierige soan fan de haadrolspilers, as premier Harold Wilson en as man mei in oarlochstrauma. Benammen yn dy lêste rol wie Riedhorst hiel oertsjûgend, en joech hy mannich taskôger it einepikefel op de earms.

En de Gouden Gurbe giet nei Piter Zwart fan it Iepenloftspul Snakkerbuorren.

BESTE HAADROL

Iepenloft Opsterlân Hemrik: Lang en lokkich

Yn Lang en lokkich triomfeerde Hyltsje Smedes as de stiefmem Irma Sûnderboarst. In rol yn travesty, gewoanlik yn in komeedzje al goed foar de gulle lach. Smedes sette it karakter fan it aaklige, op jild belust minsk mei oanstekkelige oerjefte del. Yn syn stille spul wie it hearlik om Smedes te folgjen: ‘als blikken konden doden’... It wie de perfekte akteur foar dizze rol.

Wergea: De Suvering

By De Suvering foelen de trije haadrolspilers yn it bysûnder op. En fan dit trio spande Dennis Pijl as de schlemiel-boef de kroan. Oertsjûgend, net in sekonde út syn rol, in spiler dy’t ek nei ôfrin fan it spul noch yn jins haad sit. En sa heart it.

Iepenloftspul Snakkerbuorren: Don Juan

Yn Snakkerbuorren sette Pieter Dirk Sikkema in flamboyante en ymposante Don Juan del. Syn personaasje kaam oertsjûgend út de ferf. As publyk tochten je de iene kear: wat in eikel, en op in oar momint: wat in hearlike keardel. Hy hat it karakter fan Don Juan dêrmei treffend delset. Mei hiel moaie spuldetails in rol fan formaat.

En de Gouden Gurbe giet nei Dennis Pijl fan Wergea, De Suvering.

BESTE FOARSTELLING

Wergea: De Suvering

De kar om fan de film 'O brother where art thou' in iepenloftspul te meitsjen, pakte prachtich út. In hege kwaliteit fan de teksten, spilers fol karakter, sterk útfierde muzyk fan in grutte live band, bysûnder ljocht, lûd en special effects. En dit fansels op in lokaasje wêr't je net omhinne kinne. Sa waard profesjoneel it tydsbeeld delsetten. Wergea op syn bêst.

BUOG Burgum: Dwerskop

As iepenloftspul wie Dwerskop yn Burgum in aparte kategory. De lokaasje, it budget, it tal spilers, ljocht en lûd, en it immense spektakel. It talryke publyk foel in joun lang de mûle iepen: eltse fiif minuten in nije fynst. By eintsjebeslút wie dit dan ek mear lokaasjeteater as in iepenloftspul. Mar dan wol lokaasjeteater fan de boppenste planke.

Iepenloft Opsterlân Hemrik: Lang en lokkich

Mei in stik dat him al bewiisd hie yn mannich teater like Hemrik net folle risiko te nimmen. Mar de útwurking wie boppe de hjir altyd al hege ferwachtings. Fan de mearke-achtige ûntfangst fan it publyk troch it bosk oan't de hege spelprestaasjes en de technyske fynsten wie Lang en Lokkich in wier festijn foar jong en âld op de tribune.

En de Gouden Gurbe giet nei Lang en Lokkich fan Iepenloft Opsterlân Hemrik.